

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-03
Datum indienen vraag : 12 januari 2021
Naam vraagsteller : Hr. IJ. van Kammen (FNP)
Portefeuillehouder : Hr. M. de Haan
Ambtenaar : Hr. E. de Boer
Datum akkoord college :
Zaaknummer :

Underwerp

Krúspunt Reitsmastrjitte en N369 De Harkema

Op 12 jannewaris 2021 hat de FNP skriftlike fragen steld oer it krúspunt Reitsmastrjitte en N269 yn De Harkema. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje fan it kolleezje:

Ynlieding

De steatefraksje fan de FNP hat yn gearwurking mei Pleatslik Belang fan De Harkema fragen steld oer de feiligens fan it krúspunt provinsjale wei N369 mei de Reitsmastrjitte en de Betonwei yn De Harkema.

Dat is in drok krúspunt, foaral yn de spitsoeren is it dreech om fanút rjochting De Harkema, oansluting te krijen op de N369. Der binne de lêste jierren ferskate ûngelokken west. Pleatslik Belang fan De Harkema wol graach dat it krúspunt oanpakt wurdt om dêrmei de feiligens en de trochstreaming te ferbetterjen.

It binne einliks twa krúspunten, ien mei de provinsjale wei en de oare is in gemeentlik krúspunt, mar wol deun op inoar en dêrtroch min oersichtlik.

De fragen fan de steatefraksje binne as bylage taheakke.

Fragen

1. Is it kolleezje it mei ús iens dat it hjir giet om in gefaarlik krúspunt?
2. Is it kolleezje op 'e hichte fan de soarch fan pleatslik belang De Harkema oangeande de ûnfeiligens fan dit krúspunt?
3. Is it kolleezje op 'e hichte fan de fragen dy't de steatefraksje fan de FNP steld hat oan Deputearre Steaten?
4. Sa ja, hat it kolleezje hjiroer al yn oerlis west mei de provinsje?
5. Sa net, is it kolleezje ree om dit as noch op te pakken rjochting provinsje?
6. Is it kolleezje ree om by útfiering fan de plannen jild hjir foar beskikber te stellen?

Reaksje kolleezje

1. It kolleezje is op 'e hichte fan de situaasje oangeande it krúspunt Reitsmastrjitte/N369. De ôfrûne jierren binne dêr in stikmannich ûngemakken west en der is in gefoel van ûnfeiligens.
2. Ja, de soarch fan Pleatslik Belang fan De Harkema is by it kolleezje bekend.
3. Ja, it kolleezje is op 'e hichte fan de fragen fan de FNP-steatefraksje.

4. Der is geregeld oerlis tusken de provinsje en de gemeente oer ferkearsaken. Ek oer dit ûnderwerp is oerlis west, (mei) nei oanlieding fan de fragen van de steatefraksje fan de FNP.

Yn 2017 hat de provinsje in tal oanpassingen oan it krúspunt dien. De fytsoerstek is feiliger makke en de saneamde 'tapers' binne fuort helle. Ut ûnderfining docht nammentlik bliken dat dy (rjochtsôfslande) tapers liede ta ôfdekûngemakken mei in hegere snelheid.

Doedestiids is sjoen nei in rotonde of ovonde foar dizze lokaasje. Der is foar keazen om dat dêr net te dwaan (mei) fanwege de trochstreaming, omdat der tusken Twizel en Drachten al ferskate ovondes en rotondes lizze.

Lykwols barre der noch hieltyd ûngemakken op dizze lokaasje. Dêrom sil de gemeente tegearre mei de provinsje sjen nei de ferkearsbewegings en de feiligens op it krúspunt. Der leit nammentlik in diel belang: de paralleldiken binne fan de gemeente en de N369 is fan de provinsje. Op grûn fan de útkomsten fan it ûndersyk sille wy tegearre besjen oft der oanfoljende oanpassings foar it krúspunt winsklik binne. De gemeente sil Pleatslik Belang dêr ek by belûke.

Op it stuit kinne wy dan ek net oanjaan oft maatregels fanneden binne en hokker it meast gaadlik. Earst dan kinne wy in útspraak dwaan oer in mooglike realisaasjetermyn en de kosten. Op it stuit stiet foar dit krúspunt noch gjin konkrete maatregel yn de planning en is der dus ek gjin budzjet.

Sadree't der mear bekend is, bringe wy jo dêrfan op 'e hichte.

5. Net fan tapassing; sjoch it antwurd op fraach 4.

6. Op it stuit is der gjin budzjet beskikber foar maatregels oan dit krúspunt. As út it undersyk bliken docht dat der maatregels foar it krúspunt Reitsmastrjitte/N369 fanneden binne, dan sil it kolleezje mei in útstel nei de gemeenteried komme.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris,

boargemaster,

dhr. mr. M.P. de Jong

dhr. mr. O.F. Brouwer